

\*Juf hat har jierdei, se stiet op de stoel.  
Allegear slingers, fleurige boel.  
Sjong foar juf Ria, sjong mar ta.  
Sjong foar juf Ria. Hypp, hypp hypp hoera!

'Hiperdepyp, hoera!  
De bern fan groep ien en twa roppe sa lûd as se kinne.  
'Sjonge jonge,' seit juf Ria, 'jim kinne lûd roppe!  
En wat ha jim prachtich foar my songen!  
'Juf moat fan de stoel springe!' ropt Marcel.  
'Ik doar net sa goed,' seit juf.  
Siebe jout juf in hân en dan springt juf der ôf.  
'En no kadootsje sykje!' ropt Annemarie.  
'Kadootsje? Krij ik in kadootsje fan jim?'  
'Jaaa!' roppe de bern.  
'Juf moat it opsykje,' seit Lisa.  
'No, dan moatte jim my goed helpe, oars kin ik it noait fine.'  
Juf begjint te sykjen en de bern roppe: 'Kâld, kâld, kâld!'  
'Wacht mar,' seit juf, ik wit it al!  
Se rint nei de poppehoeke en docht it deksel fan de ferklaaikiste.  
'Kâld, kâld, kâld!' roppe de bern.  
Juf rint de oare kant wer út.  
'Waarm, waarm, waarm!'  
Juf giet op 'e knibbels lizzen en sjocht ûnder de nifelkast.  
'Hyt, hyt, hyt!'  
'Jahahaha!' laket juf, 'ik ha it.'  
Se hâldt in prachtich fersierd pakje yn 'e hân.  
'Utpakke, juf!' roppe de bern.  
Juf giet op 'e stoel sitten en hellel it papierke derôf.  
'Oooo, wat moai!' beart juf en se hâldt in foarlêsboek omheech.  
'Wat bin ik dêr bliid mei! Kin ik jimme moai foarlêze.'  
'Fierder sykje juf,' seit Marcel.



'Noch in pakje?' freget juf ferheard.  
'Kâld, kâld, kâld! Waarm, waarm! Hyt hyt!' raze de bern.  
Ja, juf hat it pakje. Der sit in cd yn mei berneferskes.  
'Dy set ik aanst gau op,' seit juf bliid.  
'Wat in ferrassing! Tanke wol hear.  
Mar no krije jim ek wat fan my. Gean mar gau by jim tafel sitten.'  
Juf leit op alle tafels in cakeje en set hjir en dêr bakjes mei smarties del.  
De bern meie it cakeje moai fersiere.  
Se meitsje der prachtige taartsjes fan.  
Eefkes letter sitte se gesellich meiinoar te smikkeljen.  
'Ik woe dat it altyd feest wie,' seit Anne-Jaap.  
'Ik ek wol,' laket juf, 'dan krige ik alle dagen kadootsjes.'  
Juf jit bekers fol mei ranja en stekt der kleurige reidsjes yn.  
As de bern drinke, leit juf hoepen op 'e grûn.  
'Kom mar, no dogge wy in hiel moai spultsje.  
Ik set aanst de nije cd op en jim meie troch de klasse dûnsje.  
As de muzyk ophâldt, moatte jim gau yn in hoep stean gean.  
Wa't net yn in hoep stiet is ôf.'  
De muzyk begjint te spyljen.  
Laitsjend dûnsje de bern troch de klasse.

Ynienen hâldt de muzyk op.....

Alle bern stowe nei in hoep ta.

Oooo, Rik en Tatjana binne te let!

Rik moat der hast fan gûle, mar juf seit: 'Kom mar gau, do meist my helpe.'

De muzyk begjint op 'e nij en Tatjana en Rik meie allebeide in hoep pakke.

As de muzyk wer ophâldt, is der gjin hoep foar Eric en Annemarie.

Op 't lêst leit der noch mar ien hoep op 'e grûn.

Tsjalling en Iris dûnsje der omhinne.

'Hup Iris, hup Tsjalling, hup Iris, hup'....

De muzyk hâldt op en.... Iris springt yn 'e hoep.

Sy hat it wûn en alle bern klappe foar har.

Iris en Tsjalling meie alle bern traktearje op in pûdsje chips.

Under it sjips iten lêst juf Ria in grappich ferhaaltsje út it nije boek foar.

Dan is it tiid om nei hûs te gean.

Juf dielt ballonnen út en alle bern huppelje bliid nei bûten.

It wie in prachtich feest.

\*It ferske is te finen yn Deuntsjes foar dy, fan Hindrik van der Meer en Geartsje Douma

side 39 en op cd 2 nûmer 1